


# *De Treffers*



**V.V. SDS**



**Jannewaris 2007**

# De Treffer

klupblêd fan fuotbalferiening SDS

jiERGong 37 nûmer 5

jannewaris 2007



## Redaksje:

Aant Hofstra  
Sjoerd van Beem  
Willem Wijnia  
Metsje Huitema  
Gerard van Asselt  
Silvia Hania

## Adres:

Swingoerd 25, 8731 CV Wommels  
Molewâl 4, 8731 AD Wommels  
Walperterwei 21, 8731 CC Wommels  
Tywert 4, 8731 C L Wommels  
Dobbelân 6, 8734 GZ Easterein  
Foarbuorren 17A, 8734HD Easterein

## tellefoan:

0515-332364  
0515-332482  
0515-331444  
0515-333295  
0515-332181  
06-18948689

## Bestjoer:

Douwe Dirk Reitsma Smidslân 11, 8734 HJ Easterein  
Ymie Kamstra Monsamabuorren 1, 8844 KT Hennaard  
Willem Twynstra De Ljits 1, 8734 HL Easterein  
Andre Vink De Singel 30a, 8734 HR Easterein  
Sietske Okkema De Singel 15, 8734HP Easterein  
Jappie Wijnia De Jister 3a, 8731 EB Wommels  
Koos Plantinga De Singel 24, 8734 HR Easterein  
Enne Jeh. Bruinsma De Singel 12, 8734 HR Easterein  
Roel Sijbesma De Singel 17, 8734 HP Easterein

## tellefoan:

0515-332500  
0515-332149  
0515-332570  
0515-333134  
0515-332221  
0515-332245  
0515-332448  
0515-332013  
0515-332186

## funksje:

Foarsitter  
Skriuwer  
Ponghâlder  
Wedstriidsekretariaat  
2<sup>e</sup> ponghâlder  
Foarsitter jongerein  
Lede-administraasje  
PR en Reklame  
Sen. / Technyske saken

## Jongereinkommisje:

Jappie Wijnia De Jister 3a, 8731 EB Wommels  
Anco Elgersma Kon. Wilhelminastraat 90, Snits  
Fokje Breimer Greate Buorren 13, 8732 EE Kûbaard  
Pieter Groenveld it Stalt 5, 8731 EA Wommels  
Anne Hallema De Singel 19, 8734 HP Easterein  
Syb Overal De Streek 30, 8734 GR Easterein

## tellefoan:

0515-332245  
0515-851324  
0515-331330  
0515-333927  
0515-332928  
0515-331830

## funksje:

Foarsitter  
Algemiën lid  
Skriuwster  
Algemiën lid  
Algemiën lid  
Algemiën lid

## Technyske Kommisje Jeugd vv SDS:

Marco Hoekstra 0515-332331 Voorzitter  
Ab Scheepvaart 0515-332604 Secretaris  
Anne Hallema 0515-332928 Coördinator F-pupillen en afvaardiging jeugdbestuur  
Robert Hoekstra 0515-331190 Coördinator E-pupillen  
Anne Hallema 0515-332928 Coördinator F-pupillen en afvaardiging jeugdbestuur  
Klaas Okkema 0515-332221 Coördinator D-pupillen en keepers  
Gert Jan Hiemstra 0515-331014 Coördinator C-junioren  
Klaas de Haan 0515-332182 Coördinator B-junioren  
Marco Hoekstra 0515-332331 Coördinator A-junioren

## Emailadressen

Douwe Dirk Reitsma foarsitter  
Jappie Wijnia foarsitter jongerein

[douweenjereitsma@hetnet.nl](mailto:douweenjereitsma@hetnet.nl)  
[jaja@hetnet.nl](mailto:jaja@hetnet.nl)

---

---

**Sponsorkommisje**

Enne Jeh. Bruinsma	Shirtsponsoring	ennebruinsma@wanadoo.nl
Anne Stenekes	Contactpersoan Treffer	
Ype Tiemersma	Reklamebuorden	
Wichard Deinum	Wedstrydsponsors en freonen fan SDS	
Rinse Joustra	Sekretaris	

---

---

**Aktiviteitenkommisje**

Oebele Anema	Klaas Okkema	Eke Sybesma
Geert Hiemstra	Gatske Hiemstra	Annie Sjaarda

---

---

**Wedstriidsekretariaat**

André en Tineke Vink De Singel 30a, 8734 HR Easterein 0515-333134 famvica@hetnet.nl

---

---

**Akkomodaasje:**

Sportpark "De Skoallescize", 't Heechhiem 11, 8734 GS Easterein, tel. 0515-331700

---

---

**Fersoarging terrein en materialen:**

Andries Stuiwer	A. Joustrastrjitte 4, 8734 GJ Easterein	<b><u>tellefoan:</u></b> 0515-332872
Harm Bergsma	Skoallestrjitte 46, 8734 GN Easterein	0515-332476

---

---

**Konsul:**

Pier Faber, 't Heechhiem 3, 8734 GS Easterein 0515-331750

---

---

**Bankrelaasje:** 34.95.01.033 Rabobank Sneek -ZuidwestFriesland.

---

---

**Ferienings nr KNVB: BB BG 32H****Korrespondinsje besoarging Treffer:**

		<b><u>Tellefoan:</u></b>
Easterein:	Dukke vd Wey, Skoallestrjitte 38, 8734 GN Easterein	0515-333240
Wommels:	Fam. Postma, Roede 29, 8731 CT Wommels	0515-332469
Itens/Hinnaard:	Sjouke Sjoukema, Hearedyk 55, 8735 HP Itens	06-25547253
Spannum:	Fam. Eringa, S. Roordastrjitte 14, 8843 KN Spannum	0517-341532
Winsum:	Sybre Wassenaar, Hege Terp 13 Winsum	0517-341886
Kûbaard:	Fam. Verheus, Joarumerleane 2, 8732 EC Kûbaard	0515-332965
Oare plakken:	Metsje Huitema, Tywert 4, 8731 CL Wommels	0515-333295

---

---

**Kontribúsje :**

Senioren fjildfuotbal:	€ 54,00	it healjier
Senioren sealfuotbal:	€ 38,95	it healjier
Senioren fjild- en sealfuotbal:	€ 92,95	it healjier
A- en B-junioren:	€ 42,90	it healjier
C-junioren:	€ 36,15	it healjier
D- en E-pupillen:	€ 29,45	it healjier
F-pupillen:	€ 25,55	it healjier
foar de jongerein jildt fanôf it twadde gesinslid 20% koarting		

---

---

**Tagong wedstriden earste âlvetal € 3,- Dêr sit dan in programmaboekje bij.**

Foar leden en freonen fan SDS is de tagong fergees.

---

---

---

## Stipers

Mear ynformaasje bij Koos Plantinga (till. 0515-332448).

---

## Freonen fan SDS

Foar € 50,- yn it jier wurde jo lid. Jo krije dêrfoar ús klupbléd, "de Treffer", fergees tastjoerd en jo hawwe by kompetysjewedstriden fan ús earste âlvetal frij tagong. Foar nijere ynljochtings kinne jo skilje mei Wichard Deinum (till. 0515-331572).

---

## Oanmelding nije leden:

Aspirant jongereinleden kinne foar in oanmeldingsformulier en foar nijere ynformaasje skilje mei Koos Plantinga (till. 0515-332448).

Aspirant senioren (fjildfuotbal) kinne kontakt opnimme Koos Plantinga (till. 0515-332448). Njonken in oanmeldingsformulier moat ek in kopy fan in offisjeel legitimaasjebewiis (mei pasfoto) ynleverje wurde.

Aspirant sealfuotballers kinne kontakt opnimme mei Roel Sijbesma (till. 0515-332186).

Foar sealfuotballers jildt deselde proseduere as by fjildfuotballers. Omdat sealfuotballers harren foar de wedstriid legitimearje moatte, is ek noch in pasfoto nedich.

Oanmelding kin ek digitaal. Nijere ynformaasje is te finen op: [www.vv-sds.nl](http://www.vv-sds.nl)


De lêste ynleverdei foar **kopij** foar it folgjende nûmer is:

**15 febrewaris 2007**

Jo kinne de kopij ynleverje by ien fan 'e redaksjeleden.

Leafst op skiif of oer de E-mail.

E-mail adres: [detreffer@vv-sds.nl](mailto:detreffer@vv-sds.nl)



---

## Fan de redaksje

Sûnt begjin desimber wurdt der net mear fuotballe op de fjilden, mar om no te sizzen dat de winterstop yngien is foar ús? Nee, dat net.

SDS is in klup dy't libbet, ek at it om saken giet dy't like wichtich binne as it spultsje sels: de sosjale kontakten.

Sa koene wij dizze Treffer wer folskriuwe mei nijs oer in oantal winterske aktiviteiten.

Meardere siden binne rjochte op 6 jannewaris. Under de kop aktiviteitendei wie dy al oankundige op [www.vv-sds.nl](http://www.vv-sds.nl)

It waard in moaie dei, wêr wij fansels wol wat mei kinne.

Spitich is it dat wij fan de jeugdtoernooien hast neat trochkrigen hawwe. It kin net sa wêze dat wij sels oeral bijbinne om in koart ferslach yn de Treffer te krijen. Wij hoopje dat dizze sêfte winter noch wat troch set yn moai droech waar en dat wij mar gau wer fuotbalje kinne.

En wij hoopje dat jim ús de kommende tiid ek wer fan nijs fersjen wolle oer saken dy't SDS en syn leden oangiet.

Ah

## **Ynhâldsopjefte**

<u>Fan it bestjoer.....</u>	5
<u>Foarronde Midwinterkup.....</u>	6
<u>SDS op finale dei Midwinterkup.....</u>	7
<u>Snertkuiertocht.....</u>	8
<u>Snert rin.....</u>	9
<u>Bl yn de seal.....</u>	10
<u>Jan en Sjoerd op Frânske toer.....</u>	11
<u>Alde doaze.....</u>	12
<u>D pupillen yn de seal.....</u>	13
<u>F-kes yn de sporthal.....</u>	14
<u>Doelpunten .....</u>	15
<u>Doelpuntenmakers 2<sup>de</sup> klasse E .....</u>	16
<u>Wichard Deinum winner fuotbalkenniskwis .....</u>	17
<u>Fan de skeids (59).....</u>	18
<u>Op nei de Kuip!!!.....</u>	19
<u>Standen-futsal .....</u>	20
<u>Taspraak foarsitter SDS.....</u>	21
<u>Dukatenaksje bij Poiesz.....</u>	23
<u>Trainen yn seal jongerein.....</u>	24
<u>Yn de kunde komme mei....<u>Silvia Hania</u>.....</u>	27
<u>Sibe de Seefûgel .....</u>	28
<u>Trefferkes.....</u>	29
<u>Agenda .....</u>	31
<u>Samar wat fotos.....</u>	32

Wij wolle bij it jubileum yn augustus in leuke Treffer útbringe. Mei foaral bysûndere dingen. Wat wie de mâlste wedstryd, welke trainer hold de beste peptaks, wat wie it leukste trainingskamp, wa wie de beste moppentapper , ensf. Jim meie sels ek útersten betinke at it mar raar en frjemd is. Tip ús of stjoer jim ferhaaltsjes op nei [detreffer@vv-sds.nl](mailto:detreffer@vv-sds.nl)

## Fan it bestjoer

Elk seizoen is het weer spannend om te zien of je elke functie binnen de vereniging kunt invullen.

Een geweldig gevoel geeft het dan, als je er in slaagt, om met vele vrijwilligers een vereniging draaiende te houden.

Wat kan een vereniging als S.D.S. zonder zijn vrijwilligers beginnen?

Niets is het antwoord.

Als bestuur zijn we dan ook heel blij met onze vrijwilligers. Er zijn er ook heel wat nodig zo langzamerhand.

Denk alleen maar eens aan de verschillende besturen, leiders en trainers, scheidsrechters enz.

Diegenen, die al langer lid zijn van de vereniging weten dit allemaal wel, maar de nieuwelingen hebben hier misschien nog niet allemaal bij stil gestaan.

Zelfs voor een zaalvoetbal toernooi die niet in Easterein wordt gehouden heb je al een aantal vrijwilligers nodig.



## VRIJWILLIGER

Denk aan begeleiders, rijders maar ook aan zaalwachten. Nu blijkt het, omdat je nogal wat vrijwilligers nodig hebt, het ook steeds moeilijker wordt om nieuwe te vinden.

Een aantal mensen van het jeugdbestuur bijvoorbeeld is bij een van de laatste zaalvoetbaltoernooien zelfs 3 avonden bezig geweest om mensen te zoeken die bereid waren dit toernooi doorgang

te laten vinden door te gaan fluiten.

Niet gelukt helaas.

Ze hebben zelf de fluit maar ter hand genomen terwijl ze hadden moeten voetballen die dag.

S.D.S. bruist van de ideeën, maar is wel afhankelijk van zijn vrijwilligers. In het begin van dit nieuwe jaar zou ik dan ook het volgende motto willen voorleggen:

Denk niet van 'wat doet de club voor mij' maar 'wat kan IK doen voor de club'!

Een sportief seizoen toegewenst.

Groeten,

Koos Plantinga.

Foar it trainingsfjild bij de boksen binne 6 nije doeltsjes besteld.  
Oer in wike as acht sil dêr gebrûk fan makke wurde kinne.  
De doeltsjes hawwe ferskillende maten

De folgende froulju hawwe harren offisjeel oanmeld bij SDS foar it frouljusfuotbal: Kim de Jong, Tryntsje Bouma, Jildou Jorritsma, Jitske Plantinga, Sietske Okkema, Marije de Vries, Teatske de Boer, Anke Postmus, Geeske Yntema, Teassa de Jong, Nellie Stoffelsma

## Foarronde Midwinterkup

Op woansdei 3 jannewaris wie it foar SDS de dei fan it futsallen. SDS –futsal en SDS seal moasten harren pleatse foar de finaledei. Hoe't dat wol en net slagge kinne jim hjir lêze.

19.30 SDS futsal, sûnder Dirk Yde en Floris, moast it opnimme tsjin Marrum. It waard in benaude oerwinning en it wie fuort al dúdlik dat it hjoed net maklik gean soe. Doelpunten fan Tsjipke en Peter.

20.00 SDS futsal mocht it besykje tsjin Dokkum. It waard in hiele striid wêryn dúdlik waard dat it dreech wurde soe om te winnen. Krekt foar tiid gie it notabene ek noch mis. Dokkum skoarde en wie dêrmei de favoryt wurden yn dizze poule.

20.15 SDS fjild moast harren earste wedstryd spylje tsjin AVC. Troch in doelpunt fan Hendrik yn in man-mear sitewaasje sleepte SDS der noch in punt út, mar dat wie foaral te tankjen oan doelman Jaap.

20.30 SDS futsal moast tsjin direkte konkurrint Balk. Ferlies soe it ein betsjutte en in lyk spul wie miskien ek wol net genôch. It gie noch altiten muoisum en fierder as in doelpunt fan Tsjipke kaam SDS net. Balk skoarde ek ien kear. 1-1 dus.

21.00 SDS fjild moast tsjin Aengwirden. Tsjin de robuuste fuotballers fan dizze ploech út Tsjalbert skoorden Johannes en Erik en omdat de tsjinstanner mar ien kear skoarde wie de oerwinning binnen.

21.15 SDS futsal mocht no tsjin de oare Dokkumers (Be Quik) Dat resultearre yn it

tige wichtige 3-0 oerwinning, want it doelsaldo koe wolris fan belang wurde. Skelkte skoarde twa kear en Robert ien kear.

21.45 SDS fjild kaam tsjin it dochs wol sterke Black Boys net fierder as in gelykspul en dat sette aardich druk op de ploech foar de lêste wedstryd. Tsjalling wie de doelpuntenmakker.

22.15 SDS- futsal mocht de lêste wedstryd tsjin Donkerbroek oantrede. Der moast wûn wurde. De mannen kamen efter mar ynienen hie Robert de geast. Hij skoarde twa kear en dêrnei wie Marten Faber dy't as doelman in lange traap yn it doel wurke. 3-1 wie de einstân.

22.30 SDS fjild moast winne om troch te gean. Tsjin VIOD. SDS kaam foar mei 1-0 en der like neat oan de hân. Mar doldryst fuotbaljen fan SDS yn in 4-3 oertal sitewaasje besoarge VIOD in doelpunt. It gelykspul wie te min en SDS fjild wie útskeakele.

22.30 Dokkum-Balk: Dokkum wie al pleatst en Balk moast gelykspylje om ek fierder te gean ten koste fan SDS futsal. Mar Dokkum spile frij út en skoarde in doelpunt. Balk besocht it wol, mar sûnder oertsjûging, want sij tochten dat lyts ferlies ek genôch wie.

In misrekening: SDS futsal gie oer nei de finale.

## SDS op finale dei Midwinterkup

SDS futsal 1 spile sneon 13 jannewaris it mid-wintercuptoernooi yn Frjentsjer. Sa as ôfsprutsen mei Aant soe ik 1 kantsje skriuwe wanneer SDS net yn de priizen soe falle. Oars waarden it er 2. Spitich genôch is it 1 wurden.

SDS moast de poule-fase direkt oan de bak. Dit wie al bekind. Extador, Warga, Ryperkerk en WPB wiene de 'pouletsjinstanners'.

De earste pot wie dan om heal wei tsienen en Warga wie de tsjinstanner. It wie efkes wenne foar de boys en it net wie dan ek net te finen. Wat wol opfoel wie de peal. Dirk-Yde, Peter, Willem en Tsjard wisten em te reitsjen. Mei noch 5 minuten te gean wist Dirk-Yde dan te skoaren (fia de peal).

Skelte makke yn de slotfase noch de 2 – 0 op in assist fan

D-Y ( ek fia de peal) .

Dernei wie it de knotsgekke wedstriid tsjin WPB. SDS kaam op foarsprong troch in treffer fan Tsjipke. Mei noch 7 minuten spyljen wie it raak foar WPB. In poeier fan Richard de Jong gie fia de lot yn de goal. 1 persoan hie dit net sjoen, dit wie de skeids. Hij rekkende de goal dus net. Dit wie foar dieselde R. De Jong de druppel. Mei ferbaal geweld nei de skeids ta, waard hij der of helle mei READ!! Al de spilers fan WPB stiene op springen en dit wie foar de skeids de druppel. Hy float of en de wedstriid wie staakt. SDS krige de punten en stie op dizze manier op 6 punten.

De saken stiene der goed foar op dit stuit. SDS moast hjirnei oantrede tsjin Ryperkerk. Dit wie op papier net in al te drege pot. SDS kaam dan ek snel op foarsprong fia in goal fan D – Y. Dernei krige SDS in frije traap. Peter wie de man die noch in moai gatsje



seach yn it krús en hy pegele de bal dan ek

yn dat moaie hoekje. In opsetten 1,2 fan Willem en Tsjard wie foar SDS de 3 – 0. Hjirnei spile SDS wat lakonyk en it waard ek noch spannend!!! Ryperkerk mocht werom komme tot 3 – 2. Gelokkig gie de bel en de punten wiene wer yn de bûse.

SDS en Extador mochten de poulewedstriid ôfslute. Beide teams wiene al wis fan de 16e finale. De wedstriid wie miskien wol de minste dizze dei, mar dat makke ek net folle mear út. Extador wûn mei 2 – 0.

Om 12.00 bin jo dan útspile en pas om 17.30 wiene de KO-finales. Nei sa 5 oeren ferfeeld te hawwen, kaam eindelijk de lotting. SDS lotte it drege FCL.

Spitich genôch koe SDS hjir net fan winne. In lullige 0 – 1 gelyk yn de begjinfaze. Al snel kaam de 0 – 2. It like al dien, Dirk – Yde makke foar SDS de 1 – 2 troch balferlies FCL. It waard noch spannend. Mar ja, kin jo winne as der 2 man útstjoerd wurde?? Nee, is it antwurd. Sawol Tsjard en Skelte mochten sawat tegelyk der of. Dirk – Yde en Tsjipke koene net op tsjin de meerderheid fan FCL en it gefolch wie dan ek 1 – 3.

Spanning en sensaasje op in lange dei, mar wol genoaten fan it fuotbal fan SDS!!

GvA

## Snertkuiertocht



16 ridders diene mei oan de earste SDS-kuiertocht. De tocht gie fia de Skippersbuorren, oer de Pôle nei Reahûs en wer werom. Nei ôfrin krigen de ridders snert. (De foto's binne fan Henk Bootsma)



## Snert rin



De twadde groep yn de koers, mei dêryn Jildert dy't úteinlik tredde waard

© jaring-fotografie.nl

Jacob Klaas en Robert koene Kees bijhâlde en dat sei wat oer de foarm fan Kees!



Ype en Robert wiene net bij froulju wei te slaan !

© jaring-fotografie.nl

En it publyk genoat mei folle teugen



## B1 yn de seal

Tongersdei 28 desimber moast B1 mei twa ploegen sealfuotbalje yn it KNVB Krysttoernooi yn Easterein.

Team 1 wienen:	Team 2 wienen:
Remco Piek,	Harm Jan Kamstra
Johan Postma	Jelte Pieter Dijkstra
Ewout de Boer	Germ Sieperda
Jort Strikwerda	Peter Stuver
Wytse Lanting	Andries Brinkma
Jacob van Wieren	Jarco Pompstra
Doede Kooistra	Bauke Jan Plantinga
Freek Tichelman	Elger Turksma

SDS B1: Dizze mannen lieten it moaiste sealfuotbal sjen fan hjoed yn de earste wedstriid tsjin Easterlittens. Sa sei Tamme de Boer doe ik mei him skille in dei letter. Sels koe ik der net by wêze want guon minsken moatte ek noch wurkje sokke dagen. De skiedsrjochter Kraak mocht ik wol skilje fan Tamme, want die koe it wol befêstigje dat B1 sa goed spile. Dat sels de spilers fan LSC 1890 ek mei de mûle iepen sieten te sjen nei it spul, dat leau ik sa wol! Easterlittens waard dan ek fuortspile mei 4-0.

Nei dizze wedstriid gie Doede mei pine yn 'e holle (migraine-oanfal) nei hûs en Jacob foel nei in pear minúten út mei in seare rêch wer der moarns al foar nei dokter west wie. Dat wie fansels tige spitich en dat hat ek fan ynfloed west op it spul en de útslaggen dernei. Trede yn de poule wurden.

SDS B1 – Easterlittens 4-0

SDS B1 – SC Joure B1 1-3

SDS B1 – LSC 1890 B1 0-2

SDS B1 – S'Goutum B1 1-1

Ek B2 liet goed spul sjen sei Tamme. Einliks wie hy der troch oangenaam ferrast sei hy. Mar doe we it efkes hienen oer it neijier, de resultaten en foaral it team en teamgeast, doe wienen we der wol út. It kwaliteitsferskil yn B1 is net sa grut. De beste fuotballers groeie en de oaren groeie hast noch hurder. En mei inoar binne we better wurden.

SDS B2 – JV Bolsward 1-0

SDS B2 – LSC 1890 B4 1-2

SDS B2 – LSC 1890 B5 2-4

Der wienen mar in pear âlders te sjen en dat wie spitich fansels! De waarme sporthal en it moaie spul noege oars wol út...

De 'spion' fan Snits-WZS wie ek yn de seal en seach sawol by B1 en B2. Ja, sa sei hy tsjin Tamme, 11 febrewaris komme we (Sneek-Wit-Zwart B1) nei Easterein. We ha der ferlern met 8-1. Dat bart thús fansels net!

## Jan en Sjoerd op Frânske toer



Boppesteande foto stiet eins symboal foar de reis dy't wy hand ha. It wie wer geweldich. It liften en it ferbliuw op it plak fan bestimming binne elts jier wer spesjaal. Wêrom?

- 13.00 Jimbar. Dat is seker, wat er dernei bard net.
- De ferhalen fan liftjouwers en de iepenheid wêrmei as de minsken sprekke.
- Minsken dy't op dy ôf komme yn stee fan oarsom, hearlik.
- Nei 40.000 kear nee, komt der altyd in JA!
- De reaksjes fan liftjouwers as dúdlik wurdt wer as wy mei dwaande binne.
- Tafallichheden sa as it tsjinkommen fan oare lifters ûnderweis.
- Ús jierlikse besites oan de Mac. Net te kanen mar it heard der by.
- Sjonge yn de rein, om de moed der yn te hâlden.
- Dom praat.
- Bolletje.
- De einstreep helje, foaral nei 'it debacle' fan 2006. (Dit koe neffens ús net oars en mei ús fjouweren ha we it doe ek bêst nei it sin hand).

- De groep en it omgean mei elkoar yn de tarieding en by it ferbliuw op it plak fan bestimming.
- De prachtige omjouwingen en kulturele útspattingen.
- De weromreis, altyd beare gesellich. Want it ein fan eltse reis is it paad werom.
- In wepmaster dy't alles byhâldt en moai ferwurdet.

Fansels binne der ek in oantal kearsiden, sa as:

- Oeren lang yn waar en wyn op in kloate plak stean.
- Alle ôfwizingen fan minsken dy't dy soms amper stean sjogge.
- In fries dy't je yn Frankryk tsjin komme en je dan noch net fertroud: 'ik bin in tiger en moat myn gesin beskermje'. Tsjonge jonge, do bist in joker en moast dy djip skamje!
- Barneveld.
- In skoft lang goed yn de wedstriid lizze en op it lêst toch belies jaan moatte.
- Ús jierlikse besite oan de Mac.
- Minsken dy't as earste freegje hoefolste as je wurden binne en sa no en dan net lykje te begripen wat as it liften eins ynhâld.

Sa ha we it measte wol naam tink ik. Sjoch foar in ferslach fan de wedstriid mar op [www.vv-sds.nl](http://www.vv-sds.nl)

Groetnis, Jan en Sjoerd.

## Alde doaze



In foto út it seizoen 1988/1989 fan it froulju's team.

Boppeste rige : Anneke van der Sluis, Monique Groenveld, Mattie Tiemersma, Pieta Abma, Elly van der Meulen, Hammie Westra, Margreet Boersma, Sponsor Moeke van de KMA

op knibbels: Thea Hoekstra, Jelly Zijlstra, Tsjerkje Walda, Marjan Bergsma, ?????????-Bea Valkema, Coach Ate Vellinga dy't doe al bekind stie as de wipper.bekind

### Famkes fan no

Wolle jim oer 20 jier ek út de âlde doaze komme ,  
dan moatte jim no lid wurde fan SDS.  
Earst lekker traine en dan miskien folgend jier yn de  
kompetysje.  
Kom der bij en meitsje fan SDS in echte klup!!

## D pupillen yn de seal

Sij wiene moarns al om 9.00 dwaande yn 5 ploechjes.

Winner waard PSV (wat foarsitter Jappie tige oanstie) en twadde waard Ajax.



Twadde priis: Bram, Rico, Sjoerd, Jurjen, Gosse en Job.



**Earste priis:**

Joost, Robert,  
Klaas Bouke,  
Christiaan en  
Jesse.

## F-kes yn de sporthal



ik hie in krysttoernooi,

it wie leuk, net allinig om de lol we wiene ek nog earste. De earste wedstriid doe ha ik net goed fuotbalt. Mar ik bin einliks middenfjilder mar ik moest wol op de ferdediging omdat oars gjin ferdedegers wiene want ik hie hast allegear oanvallers ien mien tiemke. Mar verdedegi fien ik ek wol leuk, dus `t makket net sa folle

ut.

Gert-jan sei: do paseerst mij net mar Piter van der Pol die sjitte , mar toen hie Gert-jan de bal wol mar net klem dus hie ik een leeg goal dus ik scoorde.

En toen sei ik nei de wedstriid tsjin Gert-jan: ik ha dy wol paseert.

Foar de leatste wedstriid kaam ik te witten dat we him winne soene dat wei dan goud hiene. En dus we hiene de wedstriid woen. En we hiene goud!!!!!!

Dit wie mien ferslag. Frank

Op 27 jannewaris en 3 febrewaris is der in ynhelprogramma.

27-01-07	14:30	28658	SDS A1 - Makkum A1
27-01-07	12:15	40508	SDS B1 - Makkum B1
27-01-07	10:30	48623	SDS C1 - Geel Wit C1
27-01-07	12:30	20898	HZVV 2 - SDS 2
27-01-07	14:30	21139	QVC 2 - SDS 3
03-02-07	14:30	21202	SDS 2 -Heerenveense Boys 2
03-02-07	12:45	74776	SDS 6 - Sleat 3
03-02-07	14:30	13537	Broekster Boys 1 - SDS 1
03-02-07	12:20	42770	Joure SC B5 - SDS B2


## Doelpunten

Klaas (Frederikstadt) Pompstra is ús doelpuntenstatistikus. Hij hat wer in kreas oersich makke.

Doelpunten per team-seizoen 2006-2007				23 december 2006			
Team	Ileijier	Foarjier	Totaal	Team	Ileijier	Foarjier	Totaal
SDS E4	85		85	SDS C1	22		22
SDS F3	53		53	SDS B2	20		20
SDS A1	49		49	SDS 6	19		19
SDS F2	40		40	SDS 1	19		19
SDS D2	37		37	SDS 2	17		17
SDS 3	37		37	SDS E1	15		15
SDS F1	34		34	SDS E2	15		15
SDS B1	33		33	SDS F4	11		11
SDS D1	32		32				
SDS E3	28		28				
SDS 5	24		24				
Seizoen	Ileijier	Foarjier	Totaal	Team	Ileijier	Foarjier	Totaal
2002-2003	684	545	1229	SDS F1	96	29	125
2003-2004	682	696	1378	SDS E1	57	58	115
2004-2005	638	530	1168	SDS B1	63	37	100
2005-2006	637	502	1139	SDS C1	75	37	112
2006-2007	590		590	SDS E4	85		85
verschil	-47	-502	-549		10	-37	-27

## Doelpunten v.v. SDS

□ Neijier ■ Foarjier □ Totaal



## Doelpuntenmakers 2<sup>de</sup> klasse E

<u>Anne Baas</u>	<b>11</b>	Heerenveense Boys
<u>Lammert van Houten</u>	<b>10</b>	Fean '58 't
<u>Jan Visser</u>	<b>10</b>	BCV
<u>Andre Polet</u>	<b>9</b>	Wykels Hallum
<u>Bart van der Veer</u>	<b>7</b>	Oeverzwaluwen
<b>Tsjalling Sikma</b>	<b>7</b>	<b>SDS</b>
<u>Patrick Veltman</u>	<b>6</b>	Blauw Wit '34
<u>Ferdinand Bijma</u>	<b>6</b>	Heerenveense Boys
<u>Max Houttuin</u>	<b>5</b>	Blauw Wit '34
<u>Leo Pruis</u>	<b>5</b>	QVC
<u>René van Dam</u>	<b>5</b>	QVC
<b>Dirk-Yde Sjaarda</b>	<b>5</b>	<b>SDS</b>
<u>Roelof van der Glas</u>	<b>5</b>	Heerenveense Boys
<u>Ronnes Bloembergen</u>	<b>4</b>	Buitenpost
<u>Sjoerd Westra</u>	<b>4</b>	Broekster Boys
<u>Alex van der Galiën</u>	<b>4</b>	Buitenpost
<u>Minno van der Werff</u>	<b>3</b>	Fean '58 't
<u>Raymond Mulder</u>	<b>3</b>	Broekster Boys
<u>Siemen van der Woude</u>	<b>3</b>	Wykels Hallum
<u>Marc Frankena</u>	<b>3</b>	Wykels Hallum
<u>Hannes de Boer</u>	<b>3</b>	BCV
<b>Hendrik de Jong</b>	<b>3</b>	<b>SDS</b>
<u>Mario Dekker</u>	<b>3</b>	ONT
<u>Walter Bakker</u>	<b>3</b>	Buitenpost
<u>Dorian Berisha</u>	<b>3</b>	Buitenpost
<u>Wolter Jan Boonstra</u>	<b>3</b>	ONT
<u>Sietse Jaap Jansma</u>	<b>3</b>	ONT
<u>Hendrik Beert Zijlstra</u>	<b>3</b>	Broekster Boys
<u>Jurjen Bosch</u>	<b>3</b>	Wykels Hallum
<b>Floris Hiemstra</b>	<b>1</b>	<b>SDS</b>
<b>Robert Sijbesma</b>	<b>1</b>	<b>SDS</b>

Sa healwei de kompetysje kinne je in aardich byld krije fan de doelpuntenmakers yn de twadde klasse E.

In oantal bekinde nammen komme je tsjin lykas Anne Baas, Andre Polet en Max Houttuin.



Mei 7 doelpunten stiet Tsjalling Sikma der ek goed bij.

Fierders hawwe foar SDS Dirk Yde, Hendrik, Robert en Floris ien of mear kear skoard.

Al dizze ynformaasje is te finen op [www.voetbalnoord.nl](http://www.voetbalnoord.nl)

## Wichard Deinum winner fuotbalkenniskwis

Foar de 4de kear waard de fuotbalkenniskwis holden. Nei trije foarrondes wiene Ype Tiemersma, Gearard Posthumus en Wichard Deinum oerbleaun. Foarôf wie Wichard de grutte favoryt, want hij hie de twa eardere winners Lolke en Willem yn de foarronde útskeakele.

Nei trije ronden soe der ien kandidaat ôffalle en dat waard in spannende oangelegenheid.

Efkes like it der op dat Wichard de dupe waard fan in flinke opmars fan Ype, wylst Gearard der wat ôtrûn. Mar de fraach bij welke klup Fritz Korbach (in

goeie freon fan Ype) letterlik en figuerlik in blauwe moandei wurke hat, moast Ype it antwurd skuldich bliuwe en gie de konkurrint mei in punt der fan troch. Ype moast ôffalle en Wichard en Gearard makken harren op foar de finale.

Yn de finale liet Wichard der gjin misferstân oer bestean. Hij makke gelyk 5 punten efterelkoar foardat Gearard yn de gaten hie dat it al begûn wie.

Uteinlik wûn Wichard dizze finale maklik en waard hij de terjochte nije fuotbalprofessor.



Freddy Scheltema dy't mei moaie ferhalen de kwis oan elkoar prate jout hjir de prachtige bokaal, makke troch Atty, oan Wichard Deinum.

## Fan de skeids (59)



In de marketing wordt altijd gebruikt gemaakt van de zogenaamde 4 P's. Prijs, plaats, product en promotie.

Voor een scheidsrechter geldt dit net zo. De prijs is de contributie die je betaalt aan de scheidsrechtersvereniging waar je lid van bent. De plaats is ook de scheidsrechtersvereniging als onderdeel van de KNVB. Het product is de (centrale) training plus de

sociale contacten binnen een groep en de promotie dat ben je zelf.

De scheidsrechter, rapporteur, praktijkbegeleider, bij elke aanstelling weer ben je een vertegenwoordiger (official) van de KNVB.

Immers zonder een scheidsrechter zou een wedstrijd niet gespeeld kunnen worden. Denk daarbij aan je presentatie, want de wedstrijd begint namelijk al bij de entree van het sportcomplex. Maar je bent niet alleen scheidsrechter in die 90 minuten (of meer).

Ook op je werk wordt je geconfronteerd met je hobby en bij feesten of verjaardagen. Mensen zien je als de kenner en hopen op een neutrale visie. Een mooie gelegenheid om je hobby te promoten.

Daag voetballers uit om eens een wedstrijd te fluiten. Wijs je omstanders op eventuele opleidingsmogelijkheden. Het is niet direct noodzakelijk om voor de KNVB te fluiten.

Bij je eigen club heb je ook al een grote meerwaarde als je eens een jeugd of senioren wedstrijd fluit.

Deel mooie ervaringen uit om mensen enthousiast te maken. Niet alleen dat er dan meer scheidsrechters komen maar er wordt meer begrip gekweekt voor de scheidsrechter.

De spelregelkennis is vaak slecht onder de voetballers en bij de mensen er omheen. Bij de opleiding van oefenmeester 1, 2, 3 en JVT wordt hier beperkt aandacht aan besteed dit zou breder moeten worden gelegd. Hier ligt een mooie uitdaging voor zowel de KNVB als de verenigingen in 2007.

Douwe Reitsma



## Op nei de Kuip!!!



It giet oan!! Slein 22 april 2007, dat sil dé dei wêze. In dei dy't yn it teken stean sil fan it treffen tusken Feyenoord en NEC yn stadion De Kuip. Dit is de lêste thús wedstriid fan it reguliere seizoen foardat de play-offs begjinne.

Dyselde dei sil ek in SDS-rântsje hawwe, want dan bestiet der de mooglikheid foar de échte Feyenoord-supporter om dizze wedstriid by te wenjen. In fantastyske

erfaring fansels! It ferfier nei Rotterdam sil útfierd wurde mei in lúkse toeringkar fanút Easterein.

De dei sil der as folcht útsjen:

- 10.00 oere: fertrektiid by de sportfjilden fan SDS
- 12.30 oere: oankomst yn Rotterdam
- 14.30 oere: oanfangstiid Feyenoord – NEC
- 18.00 oere: retourtiid nei Easterein
- 20.30 oere: oankomst yn Easterein

De kosten fan dit barren binne € 45,-, dit is ynklusyf in tagongskaart foar de fuotbalwedstriid. Wol bestiet der in maksimum fan 34 persoanen dy't meikinne. Dus wês der fluch by ast seker fan dyn plak wêze wolst.

Opjefte kin oant en mei 1 maart by Dirk-Yde:

mob.: 06-54385633

e-mail: [dysjaarda@gmail.com](mailto:dysjaarda@gmail.com)

Graach nei opjefte it ferskuldige bedrach sa snel mooglik kontant betelje. Ek kin it oermakke wurde op bankrekeningnûmer: 34.95.00.649, ûnder fermelding fan *Op nei De Kuip 2007*.

Begjint it al wat te kribeljen nei dat hja dit lêzen hawwe? Jou dy dan no op!! Mar wês der betiid by, want FOL = FOL!!

Groetnis DYS



# Standen-futsal

## SDS 1 - 1ste Klasse

## SDS 2 - 1e Klasse

1 De Weide 1	10 25	62-30	<b>1 SDS 2</b>	<b>9</b>	<b>21</b>	<b>46-</b>	<b>27</b>	
2 Dalen 1	10 22	67-39	2 SC Genemuiden 1	9	18	37-	24	
3 FFS 1	9 20	44-36	3 ZVH 1	8	14	37-	26	
4 zvv Urk 2	10 20	47-27	4 Ens 1	8	14	39 -	33	
5 ONR 1	11 18	38-46	5 Haskerland 1	8	12	40-	42	
6 Exstador 1	10 16	43-33	6 De Griffioen 1	8	9	32-	37	
7 ZVF 1	10 12	40-35	7 FC Birdaard 1	8	6	32 -	47	
8 Leeuwarden 1	9 10	42-44	8 Friesland 1	7	4	32-	37	
9 Old Forward 1	11 4	23-53	9 ZVVS 2	9	4	35-	57	
<b>10 SDS 1</b>	<b>11 4</b>	<b>29-65</b>	10	0	0	0	0-	0
11 ZVVS 1	9 1	37-64						

## SDS 3 4de klasse

1 Leeuwarden 2	11 33	117-32
2 Bolswardia 2	10 22	57-29
3 WZS 5	11 21	99-49
<b>4 SDS 3</b>	<b>11 19</b>	<b>56-41</b>
5 WZS 6	10 15	47-60
6 Friesland 5	11 15	60-76
7 Friesland 7	8 13	40-37
8 NTW 2	10 13	53-70
9 RES 5	9 7	37-66
10 Blauw Wit '34 8	8 1	24-82
11 Futsal Club Leeuwarden 11	9 0	21-69



De futsallers hawwe ek efkes in koarte winterstop hân. It degradaasjespoek foar SDS 1 is noch net út byld. Der moat wol oantekene wurde dat er noch trije punten bij skreaun wurde kinne om dat SDS 1 krekt lyn tsjin Leeuwarden wûn mei 3-1.

Futsal 2 kin der noch altiten fan útgean dat se de kampioenswimpel hijse kinne. De wedstryd tsjin Genemuiden stie koartlyn al op it programma mar gie net troch. Hâld de webside dus yn de gaten.

Futsal 3 draait gewoan goed mei en sij geane foar plak 4 hawwe wij begrepen.

## Taspraak foarsitter SDS

Op 6 jannewaris woe de nijjiersresepsje. Der wiene in protte minsken. Mar foar wa't er net wie de taspraak fan Douwe Reitsma, de foarsitter fan SDS.

Oudjaarsdag en nieuwjaarsdag zijn dagen zoals alle andere dagen. Toch heeft oudjaar samen met nieuwjaar een aparte status. Dat heeft er ongetwijfeld mee te maken dat oudjaar voor veel mensen toch een bijzondere gebeurtenis is. Bijvoorbeeld voor degenen die voor het eerst zonder een geliefde de drempel van het nieuwe jaar moeten nemen. Of voor degenen voor wie het leven niet meer vanzelfsprekend is omdat het einde nadert. Voorbeelden te over dichtbij en veraf. En dan een nijjiersresepsje van een voetbalvereniging. Al een aantal jaren doen we dit en het is al opgenomen in de jaaragenda. Mooi om zo te beginnen. Ik spreek dan ook namens het bestuur om eenieder een sportief en gezond 2007 toe te wensen. Het liefst met allemaal kampioenschappen maar dat is tegelijk niet realistisch.

Ik wil een aantal dingen met jullie doornemen in willekeurige volgorde  
Terug kijken en vooruit kijken

**Beleidsplan.** senioren te beleid zijn we mee bezig. Hierin gaan we met ingang van het nieuwe seizoen van start met prestatie elftallen en recreatieve elftallen. 1,2 en 3 prestatie en 4,5 en 6 recreatieve.

**Futsal toernooien.** Er zijn al weer veel toernooien geweest. Voor de jeugd en senioren. Van winterstop kun je haast niet meer spreken. Toernooien in Sneek, lemmer, hier in de hal voor de jeugd en voor de senioren in Franeker

waar volgende week nog een vervolg op komt.

**Problemen om vrijwilligers te vinden bij de jeugdelftallen.** Met name in trainers, leiders en scheidsrechters bij diverse futsal toernooien. Jappie en Anco van het jeugdbestuur zijn hier niet vanwege dat er geen vrijwilligers/ouders bereid waren om als begeleiders mee te gaan. Het kan niet zo zijn dat een jeugdbestuur hier zijn verantwoordelijkheid in neemt om zelf te fluiten ipv ouders/trainers/leiders.

**Te jeugd** Dit jaar voor het eerst dat we met coordinatoren werken. elke pupillen categorie en jeugdelftal heeft een eigen coordinator. Wanneer er vragen of problemen zijn met betrekking tot deze jeugdelftallen/zeven tallen benader de coordinatoren hier voor. Niet het jeugdbestuur die heeft een andere rol.

**Schorsingen.** De sportiviteitsbeker wil ik als voorzitter van SDS wel eens een jaar in mijn bezit hebben.

**1 jan. Vanaf nu spelersspas verplicht.** Niet bij zich betekend niet spelen. dan niet zeuren tegen de scheidsrechter want hij voert alleen de regels uit en die zijn heel duidelijk

**Actie's vanuit de jeugd.** SDS is ingeloot bij het filiaal in Scharnegoutum. Poiesz actie van 29/1 – 24/3. Hier krijgt elke klant bij aankoop dukaten die ze in een verenigingsbus doen. Dus graag winkelen bij Poiesz in Schanegoutum. Het verkopen van snoep door de jeugd start 30 maart vanuit de kantine, de smartfundraising. Deze acties bevelen we van harte aan.

Ook gezien het geld wat dit oplevert voor de club.

**Dit jaar een jubileum jaar.** In augustus vieren we ons 60 jarig bestaan. De jub. Commissie komt met een mooi programma van de jeugd en de senioren. Waarin op de vrijdagavond de derby Easterein – Wommels wordt gespeeld. Het is de bedoeling dat deze wedstrijd elk jaar terug komt in deze vorm.

**Activiteiten commissie.** Vanmiddag was de snert loop. Een mooi initiatief van deze commissie. Ik verwacht veel van jullie. Dus laat je horen met activiteiten! Vrijdag 19 januari klaverjassen in de kantine

**Sponsoring.** In de Treffer is er al aandacht aangeschonken. Twee bouwbedrijven blijven SDS trouw. Zaken terug draaien kan ik niet maar ik ben blij dat ze SDS ook in de toekomst sponsoren. Afgelopen week ben ik bij beide op bezoek geweest om mijn dank uit te spreken. Club van 50 bijna 100 leden. De PR commissie doet goed werk om SDS financieel gezond te houden. Heren klasse. Nieuwe SDS sjaals. Verkrijgbaar voor slechts 12,50

**Accommodatie.** Qua uitstraling in de gebouwen zijn we het lelijk eendje van de 2<sup>e</sup> klas. Maar zeker niet qua veld. Als er dan een afgelasting is dan is daar bewust voor gekozen. Een goed veld is immers alles, hier moet op gepresteerd worden met kort gras. De afgelastingen ligt buiten SDS. Die verantwoordelijkheid ligt dan ook buiten SDS. Een consul, een officiële official aangesteld door de KNVB doet dit in samenspraak met het bestuur van de Skoallescize. Dit blijft ook zo. Ook met de trainingsvelden ligt die verantwoordelijkheid bij de Skoallescize. Ook dit blijft in de toekomst gelijk. Hier

verandert niets in. Wel geef ik aan dat we misschien iets moeten zoeken in een slecht weer voorziening. Dit heb ik in de laatste vergadering met de Skoallescize gemeld.

**Nieuw jaar met een nieuwe accommodatie.** De werkzaamheden mbt de berging is begonnen. Oplevering 1 maart. Start nieuwbouw medio april oplevering sept/okt. En ik hoop dat ik volgend jaar met de nieuwjaarsreceptie op het podium sta in een nieuw gebouw.

**De elftallen** het eerste draait goed, tweede kan beter, ik verwacht nog een goede 2<sup>e</sup> helft met behoud van het res 1<sup>e</sup> klasserschap. 3<sup>e</sup> kampioen. En het 5<sup>e</sup> draait mooi mee en het 6<sup>e</sup> moet er nog even aan trekken. De SDS zaalteams, ook zij moet ik hier melden dat er goede resultaten worden geboekt. Voor het 1<sup>e</sup> wordt handhaving moeilijk. A junioren doen het weer goed, en wie weet heeft SDS met ingang van het nieuwe seizoen weer een dames team. Het zou mooi zijn. Dan de rest van de junioren. Ik heb het in het begin gezegd dat het jeugdbestuur moeilijk vrijwilligers kan vinden om vacatures voor trainers/leiders in te vullen. Wie helpt ons. Het kan niet zo zijn dat we de jeugd aan hun lot over laten maar ook niet het jeugdbestuur en het hoofdbestuur. SDS dames komt die er wel of niet. Tot nu toe 11 aanmeldingen, dit is nog te weinig!! Dus dames geef je op om oude tijden te doen herleven!

## Dukatenaksje bij Poiesz

★ **JA, WIS DOEN MEE AAN DE** ★  
**POIESZ JEUGDSPONSORACTIE VAN**  
**29 JANUARI T/M 24 MAART 2007!**

**JEUGDSPONSORACTIE**

**POIESZ**  
SUPERMARKTEN

**STEUN ONS!**

**ONZE JEUGDAFDELING KAN VEEL**  
**GELD VERDIENEN MET DE POIESZ**  
**JEUGDSPONSORACTIE!**

HELP ONS HET SPONSORBEDRAG TE VERHOGEN: GA NAAR  
POIESZ SUPERMARKT AAN [ ] TE [ ]  
KOOP EEN SPONSORPRODUCT EN DOEK DE JEUGDSPONSORMUNT IN ONZE  
KOKER. HOE MEER JEUGDSPONSORMUNTEN MIJ VERZAMELEN,  
HOE HOGER HET SPONSORBEDRAG ZAL ZIJN!

OP DE 14/11/07 IS DE VERDELING VAN DE SPONSORMUNTEN (1000) VOLLENDIG. HET BEDRAG ZAL ZIJN 1000000.

Keapje bij Poiesz en dukaten sparje kin  
SDS de kommende tiid flink wat opleverje.  
Dus freegje elkenien om dukaten te sparjen.  
Se kinne ynleverje wurde yn de koker dy't

yn Skearnegoutum stiet. Fansels kinne jim  
se earst ek yn de kantine bringe.

## Trainen yn seal jongerein

MAANDAG	F1	22-jan	16,00UUR	BAUKE DIJKSTRA
MAANDAG	F2	22-jan	17,00UUR	DURK YDE
DONDERDAG	E3	25-jan	17,00UUR	JAN SIMON JELSMA
DONDERDAG	E4	25-jan	17,00UUR	CHRISTIAN
VRIJDAG	E1	26-jan	17,00UUR	DOUWE DURK / RUDI
VRIJDAG	E2	26-jan	17,00UUR	JELMER DE BOER
MAANDAG	F4/F5	29-jan	16,00UUR	ANDRE VINK
MAANDAG	F3	29-jan	17,00UUR	BAUKE DIJKSTRA
DONDERDAG	F1	1-feb	17,00UUR	THEO / JURJEN
DONDERDAG	F2	1-feb	17,00UUR	CHRISTIAN
VRIJDAG	E1	2-feb	17,00UUR	DOUWE DURK / RUDI
VRIJDAG	E2	2-feb	17,00UUR	JELMER DE BOER
MAANDAG	F4/F5	5-feb	16,00UUR	ANDRE VINK
MAANDAG	F3	5-feb	17,00UUR	BAUKE DIJKSTRA
DONDERDAG	E3	8-feb	17,00UUR	JAN SIMON JELSMA
DONDERDAG	E4	8-feb	17,00UUR	JELMER DE BOER
VRIJDAG	F1	9-feb	17,00UUR	SAMME OVERAL
VRIJDAG	F2	9-feb	17,00UUR	CHRISTIAN
MAANDAG	F4/F5	12-feb	16,00UUR	ANDRE VINK
MAANDAG	F3	12-feb	17,00UUR	DURK YDE
DONDERDAG	E3	15-feb	17,00UUR	JAN SIMON JELSMA
DONDERDAG	E4	15-feb	17,00UUR	CHRISTIAN
VRIJDAG	E1	16-feb	17,00UUR	DOUWE DURK / RUDI
VRIJDAG	E2	16-feb	17,00UUR	JELMER DE BOER
MAANDAG	F4/F5	19-feb	16,00UUR	ANDRE VINK
MAANDAG	F3	18-feb	17,00UUR	DURK YDE
DONDERDAG	F1	22-feb	17,00UUR	SAMME OVERAL
DONDERDAG	F2	22-feb	17,00UUR	CHRISTIAN
VRIJDAG	E3	23-feb	17,00UUR	JAN SIMON JELSMA
VRIJDAG	E4	23-feb	17,00UUR	JELMER DE BOER
MAANDAG	F4/F5	26-feb	16,00UUR	ANDRE VINK
MAANDAG	F3	26-feb	17,00UUR	BAUKE DIJKSTRA

# Einstân SDS League: Jan Simon Jelsma pakt de 1e priis !!

Eind-Stand	Vorige stand	Naam team:	Naam:	Woonplaatse:	Week		Totaal	Week-prijzen
					14	15		
1	1	Jelsmanian Devils	Jan Simon Jelsma	Easterlein	34	42	557	€ -
2	6	Tom Pieter and the Heartbreakers	Tom en Pieter Wijnia	Wommels	25	60	550	€ 24,00
3	2	Sonata Arctica	Gearard Posthumus	Wommels	45	36	539	€ -
4	4	The Bundy Squad	Sjoerd van Beem	Wommels	23	45	537	€ 6,00
5	8	Me Safe	Tsjeard Halbersma	Kubaard	29	58	523	€ -
6	11	Pieter Kamstra	Pieter Kamstra	Easterlein	33	59	522	€ 6,00
7	3	Ruurd Boorsma	Ruurd Boorsma	Bolsward	32	26	520	€ 24,00
8	13	Jeroen	Jeroen Brouwer	Wommels	25	55	512	€ -
9	10	Hey Ho Let's Go	Willem Wijnia	Wommels	32	45	510	€ 6,00
10	6	Robert Hoekstra	Robert Hoekstra	Easterlein	36	34	509	€ 6,00
11	7	Fokke Bikkes	Johannes Tichelman	Kubaard	28	34	504	€ -
12	11	Peter Sybesma	Peter Sybesma	Easterlein	28	42	497	€ -
13	15	FC Sin Ferstân	Paul de Boer	Wommels	27	42	494	€ -
14	9	Easpanne	Minne Bonnema	Easterlein	30	28	493	€ -
15	22	Ozzy	Hendrik Eringa	Spannum	28	51	491	€ -
16	24	FC Skriemer	Sybrin Wosselius	Wommels	22	52	491	€ -
17	26	Basso	Dirk Yde Sjaarda	Easterlein	30	56	491	€ -
18	18	FC Dromijp	Tsjalling Sikma	Dromijp	35	45	489	€ -
19	19	B.A.S.	Bas van der Wey	Easterlein	25	46	488	€ -
20	16	K.O. haalt herst niet	Ype Tiemersma	Wommels	31	39	487	€ -
21	17	Chris	Chris Postma	Wommels	36	39	486	€ -
22	12	Sterke Ploech	Sjoerd Postma	Wommels	22	26	484	€ 6,00
23	31	De Toppers	Gerda Strikwerda	Exmorra	17	53	484	€ -
24	28	Hylkemase Boys	Jildert Hylkema	Wommels	16	49	483	€ -
25	21	De Knapste Jonges	Annemarie en Petra	Wommels	28	42	482	€ -
26	20	Tonight's the Night	Lofke Hofstra	Wommels	25	38	480	€ -
27	23	De Vinnige Frikandel	Gerard van Asselt	Easterlein	16	40	479	€ 12,00
28	27	Balletje Breed Kees	Kees Adema	Grins	33	40	475	€ -
29	30	Mål Team	Skette Anema	Mantgum	34	40	472	€ 6,00
30	34	FC Jankbek	Ids de Boer	Easterlein	25	48	470	€ -
31	25	Zwart/Wit	Samme Overal	Easterlein	29	32	469	€ 12,00
32	29	Rob en Frank	Klaas Dijkstra	Lecuwarden	42	36	469	€ 12,00
33	33	Mark Postma	Mark Postma	Wommels	31	41	465	€ -
34	35	FC Munnaps	Bote Strikwerda	Spannum	25	43	465	€ -
35	32	Mata Harie	Arjan Posthumus	Wommels	31	38	464	€ 6,00
36	36	De Okkies	Tsjipke en Klaas Okkema	Easterlein	26	40	462	€ -
37	37	Manchester United	Jacco Kooistra	Easterlein	21	38	459	€ -
38	38	Mater azzì	Gert-Jan Hiemstra	Easterlein	21	35	451	€ -
39	42	De Top Drie	Trienus de Jong	Lollum	27	43	451	€ -
40	43	Immie Kamstra	Immie Kamstra	Hennaard	26	41	448	€ -
41	41	FODDR	Douwe B. Reijtsma	Easterlein	19	39	447	€ -
42	39	Hoe fier komt Pier?	Pier Faber	Easterlein	32	29	444	€ -
43	46	It Tredde	Appie Posthumus	Wommels	24	43	444	€ -
44	54	Foarhinne Ponghâlder FC	Popko Wijnia	Wommels	19	53	444	€ -
45	44	FC Heineken	Harm-Auke Dijkstra	Easterlein	32	36	442	€ -
46	45	We komme der oant	Feiko Broersma	Easterlittens	29	36	440	€ -
47	40	Hendrik de Jong	Hendrik de Jong	Wommels	26	28	438	€ -
48	51	S. Kooistra	Sytze Kooistra	Easterlein	24	45	437	€ 12,00
49	49	Gjin rinwei	Sibe de Seefogel	Skrok	28	36	432	€ -
50	52	AAS	Marco Hoekstra	Easterlein	24	39	431	€ 12,00

## SDS League

The Jelsmanian Devils binne 1e wurden yn de SDS League. Sy leveren dizze prestaasje sûnder ek mar ien wykpriis te pakken. In frij konstant team dus sûnder pieken mar seker sûnder dalen. Sis mar it PSV fan de



## SDS League dus. Fan herte

Eind-stand	Vorige stand	Naam team:	Naam:	Woonplaat:	Week		Totaal	Week-prijzen
					14	15		
51	53	Goudlaantje	Feike de Haan	Easterein	17	40	431	€ -
52	60	Anouk United	Johan en Anouk Delfsma	Wommels	33	53	429	€ -
53	47	Eastender Nightmares	S.T. Wijnia	Easterein	31	29	428	€ -
54	56	FC Snoek	U. Dijkstra	Winsum	10	41	426	€ 12,00
55	50	Op naar de top	Marten Faber	Easterein	28	28	424	€ -
56	55	Henk Postma	Henk Postma	Wommels	32	34	424	€ -
57	48	Omheech	Minne Joustra	Wommels	33	22	421	€ -
58	57	Anne Sleem op nr. 1	Anne Stenekes	Wommels	28	35	420	€ -
59	59	FC Hoanrebiteris	Robert Sybesma	Easterein	21	38	415	€ -
60	58	Bruin Boys	Simon Bruinsma	Lollum	23	29	410	€ 12,00
61	61	FC Broja	Broer-Jacob Greidanus	Wommels	17	42	409	€ -
62	62	Ties Boys	Thys Bruinsma	Lollum	18	41	406	€ -
63	66	All in	Erik en Jacob Klaas Harisma	Wommels	33	44	402	€ -
64	67	Theo Krat en Co.	Jaap Toering	Weidum	28	44	399	€ -
65	71	Durk Okkema	Durk Okkema	Easterein	21	56	398	€ -
66	64	De Pietermannen	Pieter Wesselius	Wommels	26	32	396	€ -
67	69	Flyers	Tamme de Boer	Easterein	17	42	390	€ -
68	63	The Butchers	Lolke Bouma	Easterein	29	24	389	€ -
69	68	Snipes United	Wesley Hofinga	Wommels	22	32	382	€ -
70	65	Hutspot	Jaap en Christian Zijlstra	Wommels	18	18	380	€ -
71	70	Theo Krat!	Johan Postma	Wommels	32	32	380	€ -
72	74	Bujo	Dukke van der Weij	Easterein	29	43	380	€ -
73	78	Toppertjes	Lutske de Jong	Lollum	20	44	377	€ -
74	77	De Pyromaan	Ralph Warman	Wommels	13	33	373	€ -
75	77	Geen Klaas Jan!	Freddie en Sicco Scholtema	Easterein	7	35	368	€ 6,00
76	73	FC Grasmal	Erwin de Boer	Easterein	9	28	367	€ -
77	79	Annie's Hegeers	Annie Sjaarda	Easterein	25	33	366	€ -
78	75	Klussen is mijn leven	Ate Feike de Boer	Wommels	18	27	363	€ -
79	76	Tsjard Hofstra	Tsjard Hofstra	Wommels	28	27	363	€ -
80	80	Rudy Voller	Rudy Dykstra	Wommels	23	33	349	€ -
81	81	Team Kooistra	Hans Kooistra	Easterein	15	26	338	€ -
82	82	Super Solo de Boer	Ewout de Boer	Easterein	9	30	327	€ -

### Dit wienen The Jelsmanian Devils:

Babos(NEC), Sankoh(GRO), Alex(PSV), Wielaert(TWE), Broerse(UTR), Hofis(FEY), Ramzi(ROD), Janssen(VIT), Huntelaar(AJA), Arveladze(AZ) en Alves(HEE).

Tom, Pieter & The Heartbreakers dienen yn de lêste wike noch in úterste krachtsynspanning om de earste priis te pakken. Sy pakten hjirmei al de lêste wykpriis mar kamen krekt 7 punten te koart foar it earste plak.

Pieter Kamstra docht yn de lêste wike noch in aardige sprong yn it klassemint. Hy giet mei 59 punten fan 11 nei 6. Hy komt krekt ien punt tekoart foar de wykpriis.

Ewout de Boer is lêste wurden mei Super Solo de Boer. Syn poedelpriis(SDS-

sokken) kin hy binnenkoart thús ferwachtsje. Hans Kooistra kaam mei Team Kooistra 11 punten te koart foar de poedelpriis.

It prizenjild wurdt binnenkoart oermakke.

Dit binne de prizen:	
1e priis: € 100	2e priis: € 75
3e priis: € 50	4e priis: € 40
5e priis: € 30	6e priis: € 20
7e priis: € 15	8e priis: € 10
9e priis: € 5	10e priis: € 2

### Lêste: Poedelpriis (SDS-sokken)

De wykpriiswinners krije €12,-

Binnenkoart kinne jim op [www.vv-sds.nl](http://www.vv-sds.nl) mear fine oer de "nije" SDS-League.

(WW)

## Yn de kunde komme mei....**Silvia Hania**

As relatyf nij redaksjelid, moatte jo gjin redaksjegearkomsten oerslaan. Dat is my no wol dúdlik. Je binne der ien kear net en dan moatte je fuortdalik foar de earstkommende Treffer in stikje oer josels skriuwe.... Ik haw noch besocht om der ûnderút te kommen troch te freegjen wa't dy typeflater makke hie, mar der wie net ien fan de redaksje dy't der yn trape. Ik sil myn bêst dus mar dwaan.

Ik bin Silvia Hania en wenje mei Jan-Rinse Blanksma en dochter Anke Blanksma (hast in heal jier âld) op de Foarbuorren yn Easterein. Wy binne 'ymport' en yn 2004 út Grins wei hjir hinne ferhuze. Jan-Rinse is opgroeid yn Tsjerkwert en Harns en ik foaral yn Warkum. Yn Grins binne wy inoar tsjin kaam. Nei jierren om utens wenne te hawwen, fine wy it hearlik om wer yn Fryslân te wenjen. Easterein befalt ek prima! Wy hiene der op hope dat ús dochter in echte Eastereinder wurde soe, mar se is in Snitser wurden...

Sûnt 1 jannewaris 2007 wurkje ik net mear foar in baas, mar bin ik myn eigen baas. Tegearre mei Annie Schilstra út Himmelum haw ik in eigen kommunikaasjeburo mei de namme Aanst. Yn de praktyk betsjut dat dat bedriuwen en organisaasjes \_s ynskeakelje kinne as se (better) kommunisearje wolle mei harren doelgroepen. Wy helpe bygelyks op dit stuit in tal oerheden om de Wet Maatschappelijke Ondersteuning foarm te jaan. (Yn it nije ferienings-gebou komt ek sa'n Wmo-loket).

Mar we wurkje ek foar in politike partij yn Provinsjale Steaten fan Fryslân.

Jimme begripe it al. Kommunisearje slagget my wol, mar ik moat earlik tajaan dat ik net al te folle doel haw oer fuotbaljen. Dat lit ik graach oan oaren oer. Fansels fyn ik it wol prachtich om in potsje te sjen, foaral as it moai waar is en je partijdich wêze kinne. En dat slagget no fansels wol yn Easterein en foar SDS. Mar jimme hoege der net oer yn te sitten; myn bydragen oan De Treffer sille net al te faak oer fuotbaljen of fuotbalwedstriden gean. Der binne redaksjeleden dy't dat folle better kinne as ik.



## Sibe de Seefûgel



Rigels

Sa no en dan krije wij wat mei wat der om ús hinne bard. Sjoch, wij witte wol dat it net meifalt as minske om noch minske te wêzen. Der binne allegear rigels. En rigels dêr bin ik allergysk foar. En seker at it giet om ûnnedige en dus stomme rigels.

Oer it algemien betinke amtners allegear rigels, want ja wat moatte se oars ek dwaan. Bij de gemeente Littenscradiel kamen se der op lêst efter dat er safolle rigels opsteld wiene troch de jierren hinne dat it wol ris goed wie om de rigels ris neier te besjen.

Moed is der foar nedich, ja, politike moed sels om dan rigels te skrassen. En sa koene wij sneon 13 jannewaris yn de krante lêze dat de gemeente tsientallen rigels skrast hat.

Sa wie it bygelyks net tastien om nachts op paad te gean mei in brekizer, omdat soks suggerearje dat je op paad wiene om yn te brekken. En nachts mei in ljedder omstappe wie net tastien want ek dan wie de kâns grut dat je ynbrekke yn it sin hawwe.

Ek in opfallende regel wie dat je bij drigende froast je gjin wetter op de dyk smite mochten. Dat betsjut dat wannear je winters efkes op é dyk wyldpisje woenen je twa bekeurings krigen: ien foar it wyldpisjen en ien foar it wiet meitsjen fan de dyk mei it gefaar dat it befriest mei alle gefolgen fan dêrtroch.

Dit binne mar in pear foarbylden. Ik kin mij foarstelle dat jim bliid binne mei dizze ûntwikkeling. En seker de minsken fan de Skoalleseize. Sij binne al hiel lang

dwaande om der yn Easterein in prachtich sportpark fan te meitsjen foar fuotballers en jeu de boulers. Dy bestjoerders wolle der graach wat gong yn hâlde want de need wie wol hiel grut. Earst in trainingsfjild dat sompich en smodzich wie. Dat hawwe se ûnderwilens foarmekoar krigen. Doe in oantal klaaiboksen dy't opkreaze waarden.

En no wurdt it tiid om de kantine oan te pakken. Ik haw ûnderwilens de oare fûgels warskôge, nee, ik bin better sizze ferbean, om net mear op de kantine sitten te gean yn ferbân mei ynstoartingsgefaar. Ek it tsjin de ruten oanskite dat dogge se net, want wij wolle net op ús gewisse hawwe dat it ding ynelkoar sakket. Ferline mei de stoarm hawwe wij der noch efkes oer ynsitten, mar hij is stean bleaun.

Mar wat it probleem no is haw ik begrepen dat se bij de gemeente hieltyd wer in nije rigel fine om it bouwen ûnmooglik te meitsjen. Alle dagen sykje se harren Algemine Feroaderingen nei om te sjen at er dôchs net wat ynstiet wat net troch de beugel kin.

Ik hoopje echt dat fan dy tsientallen rigels dy't no net mear fan tapassing binne, der hiel wat regels binne dy't mei bouwen te meitsjen hat. Dan kin de gong der yn bliuwe. En kinne wij folgend seizoen gewoan yn in nije kantine sitte.

En litte se op de Skoalleseize gewoan in nije rigel meitsje: ferbean foar amtners fan de gemeente Littenscradiel, oant de nije kantine klear is.

## Trefferkes

### Petje op petje af

It is fansels gjin ferrassing dat ien fan SDS-ers dy't altyd in pet op hat, de kwis petje op petje af wint.

Bij de measte fragen wie petje op it goeie antwurd en sa hoechde Marcel syn pet net folle ôf te dwaan.

Bij de priisútrikking die er de pet fansels wol efkes ôf.



### Bokaal

Al foar it fjirde jier wie der dit jier in fuotbalkenniskwis. Sa't Fred, de kwismaster, altiten seit giet it om neat: de eare en in boek. Dochs is dat wol hiel koart om de hoeke. Fred syn frou Atty hat no al foar de fjirde kear in prachtige bokaal makke.

En dy wol men graach yn de hûs stean ha. Ek dizze kear wie it wer in pronkstikje



### Tafelfuotbal

Op 21 desimber wie der in tafelfuotbalwedstryd organisearre yn de kantine Hiel ferrassend wie de aksje fan Wichard Deinum. Hij bea út namme fan syn bedriuw WD-Sat in kreaze tafel oan. Foar jong en âld wie dat leuke ferdivedaasje.

Der diene 5 teams mei en der waard fûleindich striden. Winners waarden Jelmer Posthumus en Sytze Kooistra.



### Cees

Cees Jansen, no trainer fan Blauw Wit is takem jier trainer fan Warga (sneins tredde klasser)

### Klaas

Klaas Dijkstra sjogge wij miskien takem jier ek wer yn Easterein. As trainer fan Broekster Boys



### **Klaverjasse en pylkjesmite**

De aktiviteitenkommisje hie ek foar dizze winter wer in aktiviteit as klaverjassen en pylkjesmite. Freedtejûn 19 jannewaris wie dit barren en de útslach hjirfan kinne jim op [www.vv-sds.nl](http://www.vv-sds.nl) lêze.

### **50 jier trouw**

Minne Zijlstra, trou supporter fan SDS wie op 3 jannewaris 50 jier trouw mei Annie. Dit heuglike feit hawwe se yn kafé Bergsma fierd.

Ek wij winskje harren noch in protte sûne jierren ta.

Wij fregen ús wol ôf hoe lang Oebele de Boer wol net mei Minne Zijlstra nei útwedstriden reizge hat.

Op de foto hjirneist lade se de skootmobyel út bij Broekster Boys.

### **Al wer in Fries**

19 desimber binne Stefan van Krimpen en syn frou Hannah de trotse âlders wurden fan Jesse. Jesse is moarnsbetiid berne en makket it lykas syn heit en mem goed. Jesse is neffens syn heit de earste yn de stambeam van de Van Krimpens dy 't yn Easterein berne is.

Fan herte lokwinske!!

Hjir kin de kaartsjes hinne:

Fam. Van Krimpen

It Risplan 8

8734 HT Easterein

### **Yn Berlijn**

Pieter Kamstra hat ein ferline jier efkes yn Berlin west mei freondinne Akke Rixt en famylje. Fansels moasten se ek efkes nei it stadion.

Hertha BSC spile dêr tsjin Eintracht Frankfurt.

It waard 1-0 yn it Olympiastadion



## Agenda

wannear	wat	wer
Sneon 20 jan.	SDS 1 oefent tsjin Zeerobben	Harns
Tongersdei 25 jan.	SDS 1 oefent (tsjinstanner noch net bekind	???
Sneon 27 jan. en snein 28 jan.	SDS 1 giet der op út	Utert
Sneon 27 jan.	Ynhelprogramma (sjoch side 14) Seniorentoernooi SDS futsal	Oeral Greidhoeke
Tongersdei 30 jan.	SDS 2 oefent tsjin BCV 2	Burgum
Sneon 3 febr	Broekster Boys 1 - SDS 1 Oars oefenwedstryd Hurdegaryp	Damwâlde
Sneon 10 febr.	Heerenveense Boys- SDS	Hearrenfean
Sneon 10 febr	SDS 5 nei Aris foar opdwaan mear skorend fermogen	Ljouwert
Sneon 10 febr	Easterein Rocks by Kafé Bergsma	Kafé Bergsma
Moandei 12 febr.	Kopydatum Treffer	redaksje
Sneon 17 febr	SDS 1 – Wikels Hallum 1	Skoalleseize
Freed 23 febr	Treffer komt út	brievenbus
Freed 6 july	Rinse Joustra trouw mei Martzen Tiemersma	gemeentehûs
Freed 24 aug.	Easterein - Wommels	Skoalleseize
Sneon 25 aug.	Jubileum SDS 60 jier	Skoalleseize

## SDS Fanshop

De prachtige SDS sjaal is foar 12 euro te keap



## Samar wat fotos



Dirk Yde Sjaarda skoort yn de wedstryd tsjin Be Quick Dokkum de 2-0. (foto Henk Bootsma)

De jeugd hat yn de krystfakansje wer in SDS sealtoernooi hân. Jorrit en Sneijder diene ek mei.



Op 21 desimber wie der in foarronde fan de kwis. Daan Boersma en Ype Tiemersma sieten elkoar yn de finale dwers. Uteinlik gie Ype nei de grutte finale.

# WE HAVE IT ALL!

## LEGERDUMP

van onderbroek tot warmtepak

## WERKKLEDING

overalls - jacks - werkschoenen

## CAMPINGARTIKELEN

slaapzakken - tenten - branders etc.

## BERG- EN WANDELSCHOENEN

meer dan 50 modellen

## OUTDOORKLEDING

ademende kleding - afritsbroeken - wandelkleding

## DARTS

grote collectie darts en toebehoren

Maandags gesloten  
Vrijdagavond, koopavond

tevens tentverhuur  
tot 200 personen



See you in Bolsward,  
Hoorn en Den Helder

# AMERICAN BASE

TWIBAKSDYK 4, BOLSWARD • TEL. 0515-577003